

Oersjoch haadklasse manlju 2008

It haadklasseseizoen fan 2008 stie foar in grut part yn it teken fan it ôfskie fan fiif haadklassers. Klaas Berkepas, Tjitte Bonnema, Auke van der Graaf, Simon Minnesma en Chris Wassenaar hiene oankundige oan de ein fan de wedstriidrige in punt efter har keatskarriêre op it heechste nivo te setten. Nei ôfrin fan de Aldehoupartij te Ljouwert waarden alle fiif troch de organisaasje noch efkes goed op it stuoftsje set. By dy fiif wie tafoege Sibbele Lootsma, dy't, yn syn lêste seizoen as earsteklasser, de want ek oan 'e wylgen hingje woe.

Chris Wassenaar

Dat Chris Wassenaar de measte publisiteit krige, wie net te fernuverjen. Hy hie syn karriêre mei in jier ferlinge om te besykjen de top-tsien fan de ivige ranglist te berikken. Dat dêrom waard syn dwaan en litten op de keatsfjilden troch elkenien mei ekstra omtinken folge. En passant koe Chris syn sin noch op mear mylpeallen sette. It heljen fan de earste slagge him op de Stienzer partij, dêr't er de earste priis wûn. Hy hie dêre nea in krânse wûn. Troch dy winst hat Chris no op alle plakken ien of mear earste prizen wûn.

Fierders kaam der noch in rekôr yn 't sicht, nammentlik it heechste tal behelle keningsprizen, dat mei 83 punten op namme stie fan Hotze Schuil. Mar it wichtichste doel, in plak yn 'e top-tsien, kaam earst. Foar de oanfang fan de partij te Boalsert koe de 628 punten fan de legindaryske Klaas Kuiken belike wurde. Mear ferslachjouwers as wenst wiene bywê-



Aldehoupartij 2008: ôfskie fan Sibbele Lootsma, Tjitte Bonnema, Klaas berkepas, Simon Minnesma, Auke van der Graaf en Chris Wassenaar. Foto: Gert Gort.

zich om de 'histoaryske' mominten op papier of mei de kamera fêst te lizzen. De mediafertsjintwurdigers kamen net fergees, want Chris en syn maten lieten sjen de druk goed oan te kinnen: de krânsen wiene foar har. Dêrmei passearre Chris it puntetotaal fan Klaas Kuiken.

Chris' folgjende mylpeal krige wat minder omtinken fan 'e parse. Dochs gie it om in rekôr dat al mear as fjirtich jier stân holden hie: de measte keningsprizen foar ien keatser op it heechste nivo. Op de útnoe-

gingspartij te Makkum krige er de measte punten fan de keningskommisje. Dat betsjutte dat no ek it heechste tal behelle keningsprizen, nammentlik 84, op namme fan de Reus fan Minnertsgea stie.

Chris Wassenaar soe úteinlik útkomme op 646 punten, goed foar it njoggende plak op dit stuit. In skoane tajefte foar him wie ek nochris it earste plak yn it jierklassemint. Net alles ferrûn foar Chris dat it slydjage, want hy koe gjin ôfskie nimme mei in PC-oerwinning. Yn de annalen bliuwt er dus op trije oer-

winnings stean mei twa keningsprizen. Dêrmei nimt er as PC-keatser in minder foaroansteand plak yn: hy stiet mei 18 punten (3²-3-3) op it 29ste plak.

De haadklassepartoeren

It partoer fan Rutmer van der Meer, Jacob Wassenaar en Chris Wassenaar hie yn 2008 op de frije formaasjepartijen mei seis oerwinnings it measte yn 'e molke te krommeljen (Sint Anne, Stiens, Sint Jabik, Boalsert, Minnertsgea en Marsum). In oar suksesfol partoer wie dêr't Auke van der Graaf en Douwe Groenendijk by behelle wiene. Dat duo keatste oant en mei de PC mei Jochum Bouma as opslagger en dêrnei mei Martijn Olijnsma. Nei ôfrin fan de partij te Dronryp stie it partoer Bouma-Van der Graaf-Groenendijk op de heechste triem fan it earepodium. Dêrnei kaam der by harren frijwat de sloai yn. Sadanich, dat partoercoach Dirk Jan van der Woud de trije keatsers útnoege foar in oerlissesje om alle fiziers wer yn deselde rjochting te krijen. Dat petear die fertuten, want yn Seisbierrum krigen Bouma c.s. de krânsen útrikt. Wichtiger wie dat it in moaie opstap foarme nei de PC ta: de goede foarm waard op it Sjûkelân omset yn in oerwinning. Foar Auke van der Graaf wie it de fjirde PC-oerwinning. Foar Bouma en Groenendijk betsjutte it de earste krânse op in PC. De 29-jierrige Douwe Groenendijk, ekonoom op It Hearrenfean, behelle de keningsbal en droech dy op oan syn ferstoarne pake. Mei it beheljen fan dy priis kaam foar him in dream út. Trije jier lyn seach it der foar him minder goed út, want hy rekke op de Rengersdei te Ljouwert



Unslading by de nije PC-kening Douwe groenendijk. Foto: Gert Gort.

slim blésearre en moast de PC-dei fan de tribune ôf folgje. It seizoen 2008 wie foar Van der Graaf en Groenendijk noch net dien, want mei Olijnsma waarden noch twa krânsen behelle, yn Bitgum en Penjum.

Simon Minnesma hie in wat wikselfallich seizoen. Fan syn partoermaten Hylke Bruinsma en Marten Feenstra moast benammen de lêstnamde foar de resultaten soargje. Yn Doanjum, Harns, de 'PC-generale' te Arum en Kimswert struts dit partoer mei de winst. Ut-blinker Feenstra naam alle kearen de keningspriis mei nei hûs. It partoer fan Klaas Berkepas, Jan Willem van Beem en Daniël Iseger kaam net fierder as in earste priis yn Huzum. Dat sil de teloarstelling fan fjouwer behelle preemjes (Sint Anne, Boalsert, Minnertsgea en Seisbierrum) kwealik kompensearre hawwe. Berkepas hie grif mear fan dit (lêste) seizoen ferwachte. Dochsgie it him op 'e útnoegingspartijen noch aardich ôf. Nei earste prizen te Snits en Boalsert kaam der noch in aardige útsetter: it beheljen fan de keningspriis op de prestisjeuze Aldehou-partij te Ljouwert, in stylfol ôfskie fan 'e man út Hoarnstersweach.

It trio Johan van der Meulen, Herman Sprik en Taeke Triemstra stie by de analisten oan it begjin fan it seizoen it heechst oanskreaun. De ferwachtings koene de keatsers net ynlosse. It bleau by trije earste prizen: yn Berltsum (mei Renze Pieter Hiemstra yn stee fan Sprik), Ljouwert en Wytmarsum. Der wiene fjouwer

twadde plakken, dêr't dy te Sint Jabik en Marsum ferlern giene tsjin harren grutte rivalen Van der Meer c.s. en dat sil de keatsers min noaske hawwe.

Gert-Anne van der Bos, Tjitte Bonnema en Folkert van der Wei behellen twa earste prizen, nammentlik te Frjentsjer (keatsferiening Jan Bogtstra) en de 'Masters' op It Hearrenfean. Dat partoer ferlear de finale op de PC. Dat wie it sneust foar Tjitte Bonnema. Dy hie yn syn lêste seizoen benammen dizze klassiker op syn ferlanglistke stean, om't er dy noch nea wûn hie.

Gearfetting

De seis selektearre haadklassepartoeren ferdielden de krânsen op de frije-formaasje partijen. Fan 'e nije lichter keatsers foelen twa opslaggers op, nammentlik Gert-Anne van der Bos en Martijn Olijnsma. Hja makken troch har wize fan opslaan de nedige yndruk op de kommentatoaren. Faaks kin in nije generaasje fan opslaggers it spulbyld wat bystelle. As wy de statistiken besjogge, dan rint de efterstân dy't de opslaggers neffens de perkspilers hiene, in bytsje werom. In oare trend is dat it tal boppeslaggen ôfnimt. De nije lichter opslaggers makket ek mear gebrûk fan de mooglikheden fan de nij ynfierde opslachline. Olijnsma en Van der Bos stiene net altiten rjocht foar it perk as hja de oanrin namen. Earsteklasser Wilco Rinia gie dêryn it fierst. As syn partoer in lytse keatsferdigene, dan naam er syn oanrin fan de sydkwea-

line ôf. By einbeslút in trend dêr't net eltsenien bliid mei wêze sil, nammentlik it spyljen op direkte winst. De sitballen en bûtenslaggen nimme in wichtich part fan 'e partijen yn: mear as 34 persint fan 'e opsleine ballen komt it perk net út.

Gosse Blom

Koninklijke medaille bij het eeuwfeest van de PC (1953)

'Bij schrijven van 31 maart j.l., kabinet no. 388, bracht ik aan u over een door de zgn. Permanente Commissie (PC) te Franeker tot Hare Majesteit de Koningin gericht verzoek tot het bijwonen van de kaatswedstrijd, welke genoemde Commissie op 29 juli a.s. organiseert t.g.v. haar 100-jarig bestaan. En verleende bemiddeling bij het doorgeven van een soortgelijk verzoek aan Z.K.H. de prins.'

Uitnodiging aan Koningin en prins

Bovenstaand citaat is het begin van een brief die de Commissaris van de Koningin in Friesland op 26 juni 1953 schreef aan de privé-secretaris van de Koningin. De brief maakt deel uit van een correspondentie tussen de PC, de Commissaris van de Koningin en het Koninklijk Huis. Doel van deze briefwisseling was om Koningin Juliana en prins Bernhard uit te nodigen voor het eeuwfeest van de PC in 1953. Om de uitnodiging kracht bij te zetten, werden zoveel mogelijk argumenten genoemd die de relatie tussen Koninkshuis en PC konden versterken. Zo werd er verwezen naar het koninklijke predikaat dat in 1947 aan de kaatsbond was verleend, naar de zilveren koningsbal die sinds 1883 als wisselprijs rouleerde en naar de verwantschap met kaatspartijen die gesteund werden door andere adellijke families (Freulepartij, Rengersdag en Van Eysingapartij). Ook werd er gerefereerd aan het onverwachte bezoek van prins Bernhard aan de PC van 1947.



PC van 30 juli 1947. Met de Bogtribune op de achtergrond, vlnr: mr. Henri Linthorst Homan, Kommissaris van de Koningin in Fryslân, mr. Klaas Bijlsma, PC-voorzitter, prins Bernhard, Jan Rodenhuis, Hiele de Haan, Pieter de Haan, de tweedeprijswinnaars die dag, en scheidsrechter Klaas Wierda. Foto Hein Faber